

Tinzen oer belied ta behâld fan it Frysk

Troch Pieter van der Plank, taalsosjoloog.

It 'taallânskip' is bûnt en fol ferskaat

Alle op taalgebrûk rjochte beliedsynspannings moatte harren útwurking fine yn in taallânskip en yn ús gefal is dat in lânskip bewenne troch bewenners fan Fryslân: Friezen en net-Friezen, Fryskpraters en net-Fryskpraters, dy't libje yn in ferskaat oan 'talige omjouwings' mei eigen relaasje-netwurken yn famylje, freonen, wurk. Yn guon 'omjouwings' wurdt it Frysk amper brûkt, yn oaren in soad, mar yn de measten sil it wikselje. Dat is in gefolch fan de mobilisearring fan ús maatskippij en kultuer yn benammen de ôfrûne heale iuw. De measte Frysktaligen wenje net mear yn ien doarp, dêr't se ek har famylje en bekenden en har wurk fine. Doe't dat noch sa wie, wie Frysk har taal fan tinken, fielen en beneamen fan de wurklikheid om har hinne. Fan primêr Frysktalich binne de lêste trije generaasjes folslein twatalich wurden. De net-Frysktaligen dy't fanâlds ek yn Fryslân libben, benammen yn 'e stêden, binne twatalich yn heechút passive sin. Hja fersteane Frysk en soms lêze hja it ek. Al dy bewenners fan Fryslân hawwe in eigen taaleftergrûn dy't se mar foar in part diele mei mekoar. Belied om de talen te beynfloedzjen, is rjochte op de talen dy't yn dizze kommunikaasje-patroanen brûkt wurde, en fersillet al gau yn it enoarm ferskaat oan 'ûntfangers' en de taalomjouwings dêr't dy-en yn libje. Fan út har eigen posysje en eftergrûn reagearje de bewenners fan Fryslân, yndividueel mar ek as groep. De reaksjes op deselde beliedsmaatregel sille by de ien posityf, by de oar negatyf ûntfongen wurde. Dat makket it dreech om belied út te fieren en noch dreger om it effekt fan belied te mjitten.

Geveltsjefrysk en taalgedrach

Beliedsmaatregels binne soms direkt rjochte op in konkreet doel, bgl. yn de basisskoalle op it learen Frysk te lêzen en te skriuwen. Yn in evaluaasje moat it effekt dêrfan dan te mjitten wêze. Mar as it doel it fuortsterkjen fan in Fryske taalhâlding is, wurdt dat oars, sa net ûnmooglik. Wat is it hâldingseffekt as op de weinen fan de gemeentlike reinigingstsjinst in Fryske tekst stiet? Of as yn net-Fryske teksten allinnich noch mar 'Fryslân' brûkt wurdt as provinsjenamme? Wat effekt hawwe sokke talige ympulzen, isolearre bûten in Fryske taalkontekst. Dat effekt kin dan in symbolisme wurde, bgl. as 'plysje' op de rêch stean soe fan it unifoarmjaske fan in plysje-man/frou (in útstel dat ik yn De Nije lies) en slimmer: in machteleas symbolisme as de drager fan dit symboal gjin Frysk praat. It symboal makket himsels dan ommers net wier en lit krekt pynlik de swakte fan it útdroegen boadskip sjen. It oanlearen fan Frysk op skoalle ferliest it foar elk fak needsaaklike pedagogysk gesach as de learaar de taal sels net yn 'e macht hat of net prate wol, en it oerlit oan de ynstruksjes dy't de bern yn it lesboek of op it skerm skriftlik foarlein wurde. Yn dizze twa foarbylden, dy't mei gâns oaren oan te foljen binne, is de beliedsmaatregel yn harsels ek tsjinstridich en wurket se earslings op de minsken, lykas yn dit gefal de bern, út. Dat jildt yn it hiele flak fan Geveltsjefrysk, as it himsels net wiermakket yn it gedrach fan de dragers fan dat gesach dy't efter dy gevels funksjonearje.

It Iersk en de Fryske bewegers

Yn Ierlân hawwe wy dêr in foarbyld fan as de Ieren oer it Iersk hinne lêze, om sa - want de oerheid is dêr dûbeltalich - fuort by it Ingelsk te kommen. In tige argayske stavering fan it Iersk nûget ek net en makket fan it Ingelsk in 'eigener' taal dan fan it Iersk ûndersteld wurdt.

lersk is foar de Ieren Latyn. Men eart it wol mar begrypt it net. Hjir is yn de diskusje it ferskil oan 'e oarder tusken de pragmatyske en ideologyske hâlding fan taalbrûkers. Yn gefal fan it Frysk it ferskil tusken de trochsnee praters fan it Frysk en de Fryske Bewegers. De earsten hawwe gjin bysûndere gefoelens by skriftlik Frysk of sels negative, want skreaun Frysk is har dreech. De twadden belibje yn skreaun Frysk har eigen echte en wiere identiteit. Spitigernôch ûnderstelle se dan gauris dat soks foar alle Friezen jildt. Mar dochs, de identiteit fuortsterkjende ympulzen dy't fan út symboal- en skreaun-Frysk by de ûntfangers binnen komme, binne net deselden. En tsjinstridich as men in Frysk opskrift (op syn lersk) wol moai fynt mar in Fryske tekst dêr ûnder ferspijt.

De oerheid moat goed foar eagen hawwe wat hja berikke wol mei it taalbelied

Hjir komt in praktyske fraach oan 'e oarder: wat wol de oerheid yn Fryslân mei har taalbelied? Twataligens yn de sin fan: foar Frysktaligen Frysk en foar net-Frysktaligen Nederlânsk? Dûbeltaligens om elk tefreden te stellen en alle diskusje te bedimjen? Of foar alle bewenners per gelegenheid de iene of de oare taal, sa't it de iene kear al en de oare kear net útkomt. Dus tsjin net-Frysktaligen ek wolris Frysk brûke? Dêr soe yn it foar al in gewenningsbelied foar nedich wêze. Mar sa'n belied rint altyd oan tsjin it gegeven fan besteande en gâns ferskillende gedrachskoades, bgl. dat 'men' tsjin net-Frysktaligen gjin Frysk heart te praten, dat 'men' harren net lêstich falle moat mei skreaun Frysk. Dat 'men' him/har altyd foegje moat nei de taal fan de ientalige, yn Fryslân is dat de Nederlânsktalige. Belied rint oan tsjin ûnkunde as útspile machtsfaktor. "Ik kan u niet verstaan" is dan it lêste wurd. Yn it maatskiplik ferkear kin ûnkunde no ienkear net test wurde. In tsjinoerstellde koade stelt dat de bewuste Fries altyd en oeral Frysk heart te praten. Mar as de Kommissaris fan 'e Kening seit dat "wy fier binne op ús taal" slacht hy al dizze fragen oer, beropt hy him op in net besteande ienriedigens en fangefolgen sil de helte en mear fan de befolking fan syn provinsje syn wurden njonken harren del lizze. Wa binne 'we'? Wat is 'ús taal'? Foar in tanimmend soad Friezen is 'har taal' likegoed of sels yn it earste plak Nederlânsk.

Fryske striid as hobbyisme

Werom nei de gedrachskoades: in soad Frysktaligen kieze yn konfliktsitewaasjes om frede te bewarjen tsjin har (?) taal. En oan 'e oare kant, foar in soad Nederlânsktaligen binne alle Frysktaligen ek Nederlânskpraters dy't neat te koart dien wurde sil at sy Nederlânsk brûke moatte. Dus sjogge se it probleem net. "Doe toch gewoon en praat Nederlands . . . en als je dat zo mooi vindt thuis jouw Fries". Dat wie in heale iuw lyn noch oars mar ik wit it wiere wurd noch fan in foarútsjend Frysk skriuwer út de jierren santich: "allinnich dy't te dom (fan it plattelân, âld fan jierren) of te dwers (Fryske Beweger) binne, bliuwe Frysk praten wêr't de oaren dat net dogge".

De hjoeddeistige Fryskpraters sille de messen net slypje op in taalkonflikt. It Frysk hat dêrta gjin wetlike rjochtsmiddels en kin dy striid net winne. Ek de wet moat ommers foar moreel gesach foldwaande draachflak hawwe. It taalbelied moat dêr rekken mei hâlde en net kontraproduktive konfrontaasjes útllokje. Wjerstân foarkomme, sympaty oproppe. Lykwols, wat is de wearde foar it Frysk fan Bewegers-Prinzipienreiteri, lykas in resinte rjochtsaak om Fryske plaknammen yn Frjentsjerteradiel erkend te krijen. Wurdt de 'Fryske striid' dan gjin hobbyisme fan inkelde leafhawwers, in striid dy't de eigenwearde faaks wol mar it Frysk net tsjinnet.

Draachflak moat foarop

Want dat moat yn belied it útgongspunt wêze: allinnich it draachflak fan de beliedsmaatregels bepaalt it effekt. En temin draachflak kin in negatyf effekt opleverje. Skerp slypje ropt ek by Frysktaligen wjerstân op en sy lûke dan de Hollânske kaart. Dêrom moat draachflak-ferheegjend belied de foarrang krije, troch op te ferwachtsjen wjerstân tûk yn te spyljen. Foarbyld: in wethâlder yn it âlde Dongeradiel hie op in iepenbiere fergadering syn ynliedende tekst twatalich omparte ûnder de oanwêzigen, mei as ynnimmende en romhertige slotsin dat hy fragen út 'e seal beäntwurdzje soe yn de taal dêr't se yn steld wurde soene. En sels dan noch wiene der Frysktaligen dy't har fragen yn it Nederlânsk stelden om't se mienden dat Frysk yn mingdtalich selskip net fatsoenlik wie. In skoft letter frege in kollega-wethâlder in seal "of iedereen het Fries wel kon verstaan" en dat wie freegjen om de bekende wei. Links en rjochts fleagen de fingers omheech fan bywêzigen. Benammen 'echte plattelanners', lju dy't yn frijsteande hûzen en hûskes op'e romte wennen. Wa't yn dizze gearkomste no noch Frysk yn 'e mûle naam, kaam op glêd iis en waard fan links en rjochts trakteearre op "Nederlands, Nederlands . . . ". Mei tank oan 'e wethâlder.

Taalbelied blykt yn 'e praktyk benammen taaltaktyk te wêzen en dat is in feardichheid, dy't net fansels sprekt mar al oanleard wurde kin.

Koade foar it iepenbier bestjoer

In nije koade foar it optreden fan it iepenbier bestjoer en de rezjy foarôf is foar effektyf taalbelied in betingst, want it is in miste kâns as de TV inkelde bylden fan in diskusje út 'e "Provinciale Staten van Fryslân" útstjoert wêr't allinnich taspraakfragminten fan Nederlânsktalige fraksjefertsjinwurdigers fertoand wurde en as iennige Frysk it wurdasje 'Fryslân' iensum yn 'e titel te sjen is. In symboal dat foar de goede fersteander it bewiis is fan it tsjinoerstelde.

Foar Fryske teksten jildt dat se foar guon, Bewegers yn elk gefal, it symboal fan Fryske krêft en Fryske rjochten binne. Foar in soad oaren lykwols is it ûnbegryplike symbolyk dy't posityf mar ek negatyf oppakt wurde kin. It earste: dit is fan ús, dit binne wy. It twadde: dit is fan de oaren dy't wy net binne en ek net wêze wolle. In Fryske titel mei dan noch wol hinnebrûie. In ynformatyf bedoelde tekst giet te fier. It taalbelied hâldt it sadwaande by titels en gjalpen dy't ophâlde ear't se de irritaasjedrumpel oergeane.

Healslachtich dwaande yn it ûnderwiis

Yn it foarskoalsk ûnderwiis hawwe de Frysktalige pjutteboartersplakken tige posityf wurk dien troch bern út beide taalgroepen yn har eigen taal yn 'e mjitte te kommen en te besykjen ek de oare bern, by oan allegearre rjochte meidielings, yn it Frysk te benaderjen. Sa leare bern geandewei dat it net núver is om beide talen te praten. En dat der gjin Wet-fan-Fatsoen is dy't jo wjerhâlde moat om ien dy't Nederlânsk praat yn it Frysk oan te sprekken. It is spitich dat dit dan net fuortset wurdt yn de fierdere klassen fan de basisskoalle en dat it der mei einiget dat in soad Fryskpratende pubers, benammen yn it middelber en heger ûnderwiis, net iens op Frysk 'betrape' wurde wolle. Hawar, it healslachtige taalbelied lit ta dat it Frysk as fak ek ûnderwiisd wurdt troch leararen dy't gjin foldwaande Frysk behearskje of gjin nocht ha om sels as in foarbyld foar Fryske taalhâlding sjoen en heard te wurden.

Hjir komt in pynlike wierheid oan it ljocht: it Frysk is in santich jier lyn op skoalle om didaktyske redenen ynfierd om't de bern muoite hiene mei Nederlânsk dat foar harren dochs in frjemde taal wie. It Frysk joech de bern mear útdrukkingsmooglikheden en selsbetrouwen. En dat wie sa yn hast alle klassen op it plattelân en foar mear as 90% fan de bern yn dy klassen. Arguminten yn dizze sin waarden by de Fryske skoalleferplichting oan 'e ein fan de jierren santich op in nij brûkt, mar se wiene doe al net mear jildich. De plattelânsbern wiene fan oardeltalich, twatalich wurden. De TV hie de Fryske bern yn de Fabelteskrant en Sesamstraat deistich sjen en hearre litten dat Nederlânsk ek in bernetaal wie. Famylje en wurk wiene net mear yn it doarp konsintrearre en koene mekoar net mear fuortsterkje. En rûnom wie Nederlânsk deistich te hearren troch de tanommen mobiliteit. Doe wie al in fjirdepart fan de bewenners net yn Fryslân berne. Ek op it plattelân wie in grutte minderheid fan Nederlânsktaligen ûntstien. No, wer in heale iuw letter, is dy Nederlânsktalige minderheid yn in soad plattelânsplakken in mearderheid wurden.

Better ûndersyk en realistyske útgongspunten

It liket as wol ik somber einigje. Dat is net myn bedoeling, mar al wol ik de klam lizze op it needsaaklike útgongspunt fan in earlik, realistysk ynsjoch yn de taalsitewaasje. Sa't it hjoeddedei is en net sa't it eins neffens politike doelstellings wêze moatte soe. Dat lêste is doel, gjin útgongspunt. De lange wei dêrtusken hjit belied. Allinnich praktyk-relevant ûndersyk nei it hjoeddeistige taalgedrach en de taalhâlding fan de bewenners fan Fryslân jout dêr de basis foar en it is spitich dat sok ûndersyk der net kommen is en dat de beliedsferantwurdliken der ek net op weromgripe kinne.

Piter van der Plank, augustus 2020.